



Troch in fersin fan ús kant is dizze beskôging fan Sietse de Vries net opnommen yn it boek. Dit hie wol moatten en dêrom dogge wy it no mar sa.

Teater yn al syn ferskiningsfoarmen

Fanút darwinistysk perspektyf besjoen is it teater yn de Súdwesthoeke goed te ferlykjen mei de natuer op de bûtenste Galapagoseilannen. Geografysk ôfsletten fan de mear sintraal situearre parten fan Fryslân hat de Súdwesthoeke in teatertradysje ûntwikkele dy't him dúdlik ûnderskiedt fan dy op oare plakken. SULT fan Pieter Stellingwerf, De Paupers fan Henk de Boer, Atol fan Johan Spijkerman, se meitsje allegear teater mei in eigen kleur en in eigen lûd.

Wat by SULT it meast opfalt is de leafde foar teater yn al syn ferskiningsfoarmen. SULT spilet klassikers, smyt besteande teksten oer de kop en makket eigen foarstellingen. De iene kear pakt it út mei in poadium dat de heale Iselmar omfiemet, de oare kear meitsje se in foarstelling dy't him hast folslein op in trijesitsbank ôfspilet. En dat docht it mei de oerjefte fan de oprjochte amateur op in nivo dat mannich profesjoniel selskip belykje kin. Leafde foar teater yn al syn ferskiningsfoarmen.

Fanôf it alderearste begjin – *Mei Sletten Doarren* fan Jean Paul Sartre yn de slûs fan Starum yn 1995 – haw ik it foarrjocht hân SULT folgje te meien as resinsint. It wie de tiid dat der jierliks meast net mear as fiif of seis iepenloftspullen wiene yn Fryslân. Ik bin der net wis fan, mar it soe samar kinne dat Pieter Stellingwerf as earste yn Fryslân de oantsjutting *lokaasjeteater* brûkte. Yn myn resinsje fan *Mei Sletten Doarren* wie it ferskil noch net ta my trochkrongen, want dêryn neam ik de foarstelling *in iepenloftspul*. As ekskús mei faaks jilde dat de foarstelling it ôfstudearprojekt fan Pieter Stellingwerf fan de Hegeskoalle foar de Keunsten yn Utert wie en dat it Súdwesthoeke Lokaasje Teater noch oprjochte wurde moast.

Yn de jierren dy't folgen stapte ik by elke foarstelling fan SULT fol ferwachting yn 'e auto, op wei nei de moaiste úthoeke fan Fryslân. Ik wit net oft der oait ûndersyk dien is nei it publyksberik fan SULT, mar ik hie fanôf it begjin it idee dat fierwei de measte besikers út de neiste omjouwing ôfkomstich wiene. De bekende gesichten fan minsken dy't de iepenloftspullen fan Jorwert, Burgum en De Himrik besochten, ûntbrieken. It joech my suver wat it gefoel diel út te meitsjen fan in geheim dêr't minsken fan bûten de Súdwesthoeke amper fan wisten.



Hans Brans hat de earste jierren al beskreaun en de ûntjouwing fan SULT yn in breder perspektyf pleatst, ik behein mei ta de twadde helte fan 25 jier. Yn 2007 krige SULT de Pyt van der Zeepriis foar it „fernijend en nijsgjirrich teater” dat it selskip op dat stuit al goed tsien jier makke. „Fan de earste produksje ‘Serenade’ yn 1996 ôf falt op dat SULT teater makket dat oars is as dat de taskôgers wend wiene. Bysûnder repertoire dat yn Fryslân net faak spile wurdt, bewurke wrâldrepertoire en selsskreaune ienakters,” sa ferwurde de sjuery wêrom’t SULT de priis krigen hie.

Yn 2008 spile SULT *Rinosearos* fan de Frânske absurdist Ionesco. Mei *Rinosearos* besiket de skriuwer sjen te litten hoe dreech it foar in yndividu is om wjerstân te bieden oan in totalitêr systeem. As hieltyd mear minsken yn in rinosearos feroarje, besykje dan mar ris om minske te bliuwen, soks sawat. By SULT gjin neiboud stêdsgesicht of abstrakt dekor, mar in grûndepot by Wâldsein dat brûkt wurdt foar de oanlis fan in fiadukt. It sit fol ‘rinosearosdobben’. Oar grut ferskil mei Ionesco is dat minsken net domwei yn rinoserossen feroarje, mar dat se har identiteit opofferje oan de skynwrâld fan ynternet. In moai foarbyld fan hoe’t SULT in eigen draai oan klassike teksten jout.

It ferskil mei de foarstelling fan it jier dêrop – *Hekserhol* - koe hast net grutter. Gjin grûndepot, mar de yntimiteit fan in heasouder yn Molkwar mei it publyk op striesekken. Gjin ferneamd stik út it wrâldrepertoire, mar in âld Frysk folksferhaal oer in man út Molkwar dy’t syn siel oan ’e duvel ferkeapet. Gjin nijmoadrige gedoch mei kompjûters en ynternet, mar ienfâldich fertelteater. *Moardwiif* yn 2010 wie in kombinaasje fan in bestand stik – *Atalanta* fan Peer Wittenbols - mei sênes dy’t op eigen ûndersyk basearre wiene. Tema: hoe sjocht in doarpsmienskip as Harich tsjin nijkommers oan? It publyk makke oan de

hân de spilers in rûnlieding troch Harich om te ûntdekken hoe rom- en erchtinkend de doarpsbewenners fan Harich – en dêrmei alle doarpsbewenners op 'e wrâld - binne.

Besloech it dekor fan *Moardwiif* in hiel doarp, *Redbad* hie yn 2011 op it Suderstrand yn Starum de Iselmar as dekor. Mei in band, in megakoar fan omtrint hûndert sjongers en in kastiel fan steigerbuizen dat út de Iselmar opriist wie it de grutste foarstelling út de skiednis fan SULT. Utgongspunt wiene de fiif keningdrama's fan Douwe Kalma. Unlêsbere en ûnspylbere neffens bewurker Eric Hoekstra: „Kalma op syn slimst.”

By SULT is it wenst om har neat oan te lûken fan sokke warskôgingen. Yn de SULT-ferzje waard *Redbad* in tiidleas ferhaal oer it ivige konflikt tusken generaasjes en de striid tusken fernijingsdrang en behâldsucht. In monumint fan in foarstelling.

In jier letter opnij in kombinaasje fan in besteand stik mei – yn dit gefal – twa aktuele ienakters fan eigen hân. Earst in ferkoarte ferzje fan *Wa is bang foar Virginia Woolf* fan Edward Albee, folge troch in koreografy fan Dance Explosion. De dûns wie bedoeld as metafoar foar de gemeentlike weryndieling dy't op dat stuit geande wie. Myn oantinkens oan de koreografy fan Raymond Guzman binne alve letter yn it neat oplost, by de metafoar ha'k as resinsint al in fraachteken pleatst doedestiids. „It ferget (...) in folslein feramtlike geast om de krêftige elegânsje fan de leden van Dance Explosion te assosjearjen mei wethâlders en gemeentesiktarissen.”

Yn 2014 folge yn Skipswerf Blom yn Hylpen *De held en syn sokken*, nei de avontueren fan Tom Sawyer en Huckleberry Finn. Wat my dêr it meast fan bybleaun is, is dat de earmoed fan de personaazjes yn it ferhaal net allinne yn it dekor en de klaaiinge nei foaren kaam, mar ek op de tribune: dy stie fol mei 250 ûngelikense stuollen út Emmaüs yn Koudum. Lokaasjeteater op syn breedst.

Yn 2016 kearde SULT yn Nijhuzum mei *Krang* – tsjin de tried yn - *Ivanov* fan AntonTsjechov binnenstebûten. De tekst waard diskear frijwol yntakt litten, de foarmjouwing wie sa mooglik noch ferrassender as oars. In mei feestflachjes fersierde boereskuorre, trije mei wetter folle hottubs, in boer dy't mei in swimfest om it boarst, in snorkel op 'e holle en 'flippers' om 'e fuotten yn ien fan dy tobben rûgelet, sil by de minsken gjin assosjaasjes mei de grutte Russyske skriuwer oproppe.



Doel fan oersetster Ytsje Hettinga en regisseur Romke Gabe Draaijer wie mei *Krang* by te dragen oan de diskusje oer wynmûnen. „Nije ynsichten oer wynmûnen smyt it net op,“ wie de konklúzje fan de resinsint fan tsjinst. „Wol in moaie foarstelling.“

Yn 2017, frege Pieter Stellingwerf him yn in fraachpetear mei de Leeuwarder Courant ôf: „Dogge wy der noch ta?“ It tilde op dat stuit op fan de iepenloftspullen, Theater Sneek wie der kommen, SULT kaam foar de fraach te stean: „Heakket wat wy meitsje noch wat ta?“ En: „Ha wy de enerzjy noch om troch te gean?“

Beide fragen waarden mei ‘ja’ beantwurde. Boppedat wie de achterban fan SULT – publyk en frijwilligers – te grut om der samar in punt achter te setten. It resultearre yn noch trije foarstellingen: *Hauken & Hazzen yn 2017* oer de eangst foar alles wat frjemd is, *Zout West*, oer hoe’t it minskdom mei wetter rûnom yn de Súdwesthoeke libbet yn 2018 en *De Bûsedokter* oer de útwaaksen yn de sûnenssoach yn 2019.

Wat noch folget yn 2023 is – hiel tapaslik – in foarstelling oer it libben fan in ploech amateurtoanielspilars yn har neidagen. In foarstelling oer de tragyk fan minsken dy’t it fan jongsôf wend binne om alle jierren in oantal jûnen yn it middelpunt fan de belangstelling te stean en dy’t alle kearen de kâns gripe om yn in har tametten rol kommentaar te jaan op wat him op dat stuit ôfspilet yn de maatskippij. Op grûn fan wat SULT de ôfrûne 25 jier sjen litten hat, kin dat net oars as in foarstelling mei in soad selsspot en humor wurde.

Ik sjoch der nei út. Mar wat sil ik de reiskes nei de Súdwesthoeke misse.

Sietse de Vries

